

Eksposysje fan gedichten lâns de Boarn.

Lâns de Boarn sil der yn **maaie** en **juni** ien lange galery wêze fan 66 gedichten fan:

Marie Koldyk-de Vries

Doe't hja 65 jier wie is hja begûn te dichtsjen.

De bewenners lâns de Boarn, fan: Us Fortier, De Waag, 't Sil Weaze en Eastein sille dizze gedichten toane.

Yn desimber 2014 hie Marie Koldyk-de Vries 100 jier wurden.
In goed momint om har gedichten ris foar't fuotljocht te bringen.

De gedichten binne foar jong en âld: grappich, serieus, aktueel, fan doedestiids, koart, lang en mei in each foar lytse en grutte dingen yn it libben en yn'e wrâld.

Foar har 90^e jierdei hawwe har trije dochters, Metsje, Ypie en Jette, der foar soarge dat der in boekje makke waard mei in kar fan dy gedichten en dy kinne jim dan allegear wer lêze. En: der komt opnij wer in boekje mei har gedichten út !

De start fan de eksposysje is op **10 maaie**

middeis om **2 oere** op it gêrsfjild bij "It Molkfabryk"
oan de Tsjerkebuorren yn Aldeboarn.

- * Metsje Bakker-Koldyk sil fertelle oer har mem en dizze gedichten en hoe oft dat allegear gien is.
- * Ek sille der bern fan De Boarne en De Finne gedichten foarlêze.

Jim binne fan herte wolkom.